

Rjochtbank Noard-Nederlân  
O.f. it gerjochtsbestjoer Noard-Nederlân  
Postbus 781  
9700 AT Groningen

Ljouwert, 12 desimber 2019

Oangeande: Frysk yn de rjochtspraak

Achte bestjoer,

Mei dizze brief freget DINGtiid – it Ryksadvysorgaan foar de Fryske taal, ynsteld by de Wet gebrûk Fryske taal (2014) – jo oandacht foar de posysje fan it Frysk binnen de rjochtspraak, en yn it bysûnder yn relaasje ta it gebrûk fan it Frysk yn de rjochtsseal.

Op 1 jannewaris 2014 is de Wet gebrûk Fryske taal (Taalwet) fan krêft wurden. It doel fan de Taalwet is de posysje fan it Frysk yn it bestjoerlik en rjochtsferkear te ferankerjen en de gelikense rjochten fan de Fryske en Nederlânske taal yn Fryslân te boargjen. Haadstik 3 (kêsten 10 oant en mei 17) fan de Taalwet regelet it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear.

Kêst 2a fan de Taalwet bepaalt dat it Ryk en de provinsje Fryslân periodyk bestjoersôfspraken meitsje ta útwurking fan harren mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht oangeande de Fryske taal en kultuer. Op 30 novimber 2018 is in nije Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK) ûndertekene, dy't jildt foar de perioade 2019-2023. Oangeande it brûken fan de Fryske taal by gerjochtljke autoriteiten binne yn dizze BFTK gjin konkrete doelen ôfpraat, mar is allinne in prosesbepaling (kêst 3.1.1) opnaam. De provinsje, de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert gean yn oerlis om ta ôfspraken te kommen dy't ôfsûnderlik fêstlein wurde.

Sûnt de ûndertekening fan de BFTK 2019-2023 binne der noch gjin aparte ôfspraken fêstlein dy't neier ynfolling jouwe oan de Taalwet en kêst 3.1.1 fan de BFTK. Oangeande it brûken fan de Fryske taal by bestjoerlike autoriteiten binne oars wol bepalingen yn de BFTK opnaam dy't oan it brûken fan de Fryske taal yn it rjochtsferkear reitsje. Lykas kêst 3.2.5, oer it gebrûk fan de Fryske taal troch meiwurkers fan de meldkeamer, en kêst 3.2.6, dy't bepaalt dat yn it Frysk oanjefte dien wurde kin en dat kontakt mei de plysje yn it Frysk mooglik wêze moatte soe.

Alhoewol't dat foar it Frysk yn it rjochtsferkear geunstige ûntjouwings binne, binne der – benammen oangeande it brûken fan it Frysk yn de rjochtsseal – wol ferbetterings mooglik. It heger berop yn de saak Jenny Douwes, dat op 26 septimber 2019 tsjinne, is dêr in goed foarbyld fan. De net-Frysktalige rjochter koe Douwes har Frysk net goed genôch ferstean, ek om't de tolk net betúft genôch wie – de iennige

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 3.01  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.nl  
www.dingtiid.nl  
@dingtiid

kwalfisearre tolk Frysk wie yn it bûtenlân.<sup>1</sup> De rjochter stelde doe foar dat hja har relaas yn it Nederlânsk fuortsette soe. Dat wegere Douwes; emosjonearre ferliet hja dêrnei de rjochtsseal.

Dizze saak yllustrearret hoe faai oft de posysje fan it brûken fan de Fryske taal yn de rjochtsseal stiet. Kêst 11 fan de Taalwet bepaalt dat in ynsitter fan de provinsje Fryslân by de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert it foech hat om yn de rjochtsseal Frysk te praten. Dat rjocht ferwurdet op in wêzentlike wize it doel fan de Taalwet dêr't it giet om de gerjochtlike autoriteiten. Mar dat rjocht is fierhinne yllusoir as de rjochter net-Frysktalich is, lykas yn de saak Jenny Douwes. DINGtiid is fan miening, dat it foar Fryskpraters dy't yn kontakt komme mei de rjochtspraak fan grut belang is dat se ûnbehindere harren taal sprekke kinne yn de rjochtsseal – en dêrta ek pro-aktyf útnûge wurde. Dat rjocht strekt him boppedat fierder út as allinne it strafjocht: it jildt foar alle rjochtsmêden.

It gebrûk fan de Fryske taal, yn it bysûnder yn de rjochtsseal, sil bydrage oan de kwaliteit fan de rjochtspraak. Taal en kommunikaasje binne bûtenwenstige wichtich foar it fêststellen en wurdearjen fan de feiten en omstannichheden. Dat befoarderet in rjochtfeardige rjochtstapassing, en draacht sa by oan de kwaliteit fan de rjochtspraak. Dat de rjochter de oanbelangjende taal op goed nivo behearsket is dêr lykwols in krúsjele betingst foar.

De saak Jenny Douwes lit boppedat wat oars sjen: it notiidske Fryske tolkenetwurk is kwetsber en moat ferstevige wurde. Dat der in fersterking op dat mêd plakfine moat, waard earder al beklamme troch de provinsje Fryslân,<sup>2</sup> en DINGtiid hat dat okkerjiers ek skriftlik ûnder it omtinken fan de minister fan Justysje & Feilichheid brocht.<sup>3</sup>

Ta ôfsluting dielt DINGtiid, ta ynspiraasje, graach in ûnderfining út de rjochtspraktyk fan in oar meartalich gebiet mei jo. Twa jier lyn brocht DINGtiid mei it Steatekomitee Frysk in besite oan de Rjochtbank fan Earste Oanlis yn Eupen, yn Dútsktalich België.<sup>4</sup> Wat dêr bot ta de ferbylding spruts wie de organisaasjebrede iepen hâlding foar it brûken fan it Dútske taal oer. Dêr is yn begjinsel de taal fan de easker of fertochte liedend; sawol rjochters, offisiers fan justysje as advokaten brûke dy taal dêrnei. Graach werhelje we hjir ien opmerking fan de rjochtbankpresidint: it brûken fan de eigen taal is yn syn optyk in grûnrjocht, en soarget der boppedat foar dat de rjochtspraak tagonklikker wurdt en liedt ta in bettere rjochtstapassing op alle gebieten. Dat jildt nei ús betinken ek foar it Frysk.

<sup>1</sup> Dyselde tolk – dhr. Fedde Dijkstra – hie oars koart foar dit heger berop sels al yn de media oan de needklok lutsen oer de grutte kwetsberens fan it Fryske tolkebestel: “At ik moarn omfal, is der wol in probleem”, sa Dijkstra; <https://www.lc.nl/friesland/Als-Fedde-Dijkstra-omvalt-glijdt-het-Fries-uit-de-rechtspraak-24666510.html>.

<sup>2</sup> <https://www.lc.nl/friesland/Provinsje-er-moeten-snel-meer-tolken-Fries-komen-in-de-rechtspraak-24666519.html>.

<sup>3</sup> Brief oan minister Opstelten d.d. 27/10/2014.

<sup>4</sup> Fgl. Provinsjale Steaten / Steatekomitee Frysk [2017], *Ferslach Wurkbesite oan de Dútsktalige Mienskip yn België Eupen, 29 en 30 augustus 2017*.

DINGtiid ropt hjirby de rjochtbank Noard-Nederlân en it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert op om de posysje fan de Fryske taal yn de rjochtsseal fuort te sterkjen. In goede earste stap soe wêze om wichtige obstakels datoangeande – lykas in temin oan Fryske taalfeardigens by it rjochtbankpersoneel en de ôfwêzigens fan belied oangeande it brûken fan it Frysk – yn de heine takomst út 'e wei te romjen.

DINGtiid is út soarte altiten ree ta in petear om de ynhâld fan dizze brief neier ta te ljochtsjen.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid

Dizze brief wurdt ek rjochte oan:

- It bestjoer fan it gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert

In kopy fan dizze brief giet nei:

- Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân
- Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, drs. R.W. Knops
- Minister fan Justysje en Feilichheid, prof. mr. F.B.J. Grapperhaus
- Haadoffisier fan justysje, mr. D.F. Greive
- Bestjoer fan Ressortsparket Arnhem-Leeuwarden

Rechtbank Noord-Nederland  
T.a.v. het gerechtshof Noord-Nederland  
Postbus 781  
9700 AT Groningen

Leeuwarden, 12 december 2019

Betreft: Fries in de rechtspraak

Geacht bestuur,

Met deze brief vraagt DINGtiid – het Rijksadviesorgaan voor de Friese taal, ingesteld bij de Wet gebruik Friese taal (2014) – uw aandacht voor de positie van het Fries binnen de rechtspraak, en in het bijzonder in relatie tot het gebruik van het Fries in de rechtszaal.

Op 1 januari 2014 is de Wet gebruik Friese taal (Taalwet) in werking getreden. Het doel van de Taalwet is de positie van het Fries in het bestuurlijk en rechtsverkeer te verankeren en de gelijke rechten van de Friese en Nederlandse taal in Fryslân te waarborgen. Hoofdstuk 3 (artikelen 10 tot en met 17) van de Taalwet regelt het gebruik van het Fries in het rechtsverkeer.

Artikel 2a van de Taalwet bepaalt dat het Rijk en de provincie Fryslân periodiek bestuursafspraken maken ter uitwerking van hun gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht met betrekking tot de Friese taal en cultuur. Op 30 november 2018 is een nieuwe Bestuursafpraak Friese taal en cultuur (BFTK) ondertekend, die geldt voor de periode 2019-2023. Wat betreft het gebruik van de Friese taal bij rechterlijke autoriteiten zijn in deze BFTK geen concrete doelen afgesproken, maar is alleen een procesbepaling (artikel 3.1.1) opgenomen. De provincie, de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden treden in overleg om tot afspraken te komen die afzonderlijk worden vastgelegd.

Sinds de ondertekening van de BFTK 2019-2023 zijn er nog geen aparte afspraken vastgelegd die nadere invulling geven aan de Taalwet en artikel 3.1.1. van de BFTK. De BFTK bevat overigens wel bepalingen betreffende het gebruik van de Friese taal bij bestuurlijke autoriteiten die raken aan het gebruik van de Friese taal in het rechtsverkeer. Zoals artikel 3.2.5, over het gebruik van de Friese taal door medewerkers van de meldkamer, en artikel 3.2.6, dat bepaalt dat in het Fries aangifte kan worden gedaan en dat contact met de politie in het Fries mogelijk zou moeten zijn.

Hoewel dit voor het Fries in het rechtsverkeer gunstige ontwikkelingen zijn, zijn er – vooral inzake het gebruik van het Fries in de rechtszaal – wel verbeteringen mogelijk. Het hoger beroep in de zaak Jenny Douwes, dat op 26 september 2019 diende, is hiervan een sprekend voorbeeld. De niet-Friestalige rechter kon Douwes' Fries niet goed genoeg verstaan, mede omdat de tolk niet ervaren genoeg was – de enige

gekwalficeerde tolk Fries bevond zich in het buitenland.<sup>5</sup> Daarop stelde de rechter voor dat zij haar relaas in het Nederlands zou voortzetten. Dit weigerde Douwes; geëmotioneerd verliet zij vervolgens de rechtszaal.

Deze zaak illustreert hoe kwetsbaar de positie van het gebruik van de Friese taal in de rechtszaal is. Artikel 11 van de Taalwet bepaalt dat een ingezetene van de provincie Fryslân bij de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden bevoegd is zich te bedienen van het Fries. Dit recht verwoordt op een wezenlijke manier de bedoeling van de Taalwet waar het de gerechtelijke autoriteiten betreft. Maar dit recht is welhaast illusoir als de rechter niet-Friestalig is, zoals in de zaak Jenny Douwes. DINGtiid is van mening, dat het voor Friestalige burgers die in contact komen met de rechtsspraak van groot belang is dat ze ongehinderd hun taal kunnen spreken in de rechtszaal – en daartoe ook proactief worden uitgenodigd. Dit recht strekt zich bovendien verder uit dan alleen het strafrecht: het geldt voor alle rechtsgebieden.

Het gebruik van de Friese taal, in het bijzonder in de rechtszaal, zal bijdragen aan de kwaliteit van de rechtsspraak. Taal en communicatie zijn buitengewoon belangrijk voor het vaststellen en waarderen van de feiten en omstandigheden. Dit bevordert een rechtvaardige rechtstoepassing, en draagt zo bij aan de kwaliteit van de rechtsspraak. Hiervoor is het echter cruciaal dat de rechter de betreffende taal op goed niveau beheerst.

De zaak Jenny Douwes toont bovendien iets anders aan: het huidige Friese tolkennetwerk is kwetsbaar en dient te worden versterkt. De provincie Fryslân benadrukte al eerder dat er een versterking op dit gebied moet plaatsvinden,<sup>6</sup> en DINGtiid heeft dit enkele jaren geleden eveneens schriftelijk onder de aandacht gebracht van de minister van Justitie & Veiligheid.<sup>7</sup>

Ter afsluiting deelt DINGtiid, ter inspiratie, graag met u een ervaring uit de rechtspraktijk van een ander meertalig gebied. Twee jaar geleden bracht DINGtiid met het 'Steatekomitee Frysk' (Statencomité Fries) een bezoek aan de Rechtbank van Eerste Aanleg in Eupen, in Duitstalig België.<sup>8</sup> Wat zeer tot de verbeelding sprak was de organisatiebrede, open attitude ten aanzien van het gebruik van de Duitse taal. Daar is in beginsel de taal van de eiser of verdachte leidend; zowel rechters, officieren van justitie als advocaten gebruiken deze taal vervolgens. Graag herhalen we hier één opmerking van de rechtbankpresident: het gebruik van de eigen taal is in zijn optiek een grondrecht, en zorgt er bovendien voor dat de rechtsspraak toegankelijker wordt, en leidt tot een betere rechtstoepassing op alle gebieden. Dit geldt naar onze overtuiging ook voor het Fries.

<sup>5</sup> De betreffende tolk – dhr. Fedde Dijkstra – had kort voor dit hoger beroep zelf al in de media de noodklok geluid over de grote kwetsbaarheid van het Friese tolkenbestel: "At ik moarn omfal, is der wol in probleem" ("Als ik morgen omval, is er wel een probleem"), aldus Dijkstra; <https://www.lc.nl/friesland/Als-Fedde-Dijkstra-omvalt-glijdt-het-Fries-uit-de-rechtspraak-24666510.html>.

<sup>6</sup> <https://www.lc.nl/friesland/Provinsje-er-moeten-snel-meer-tolken-Fries-komen-in-de-rechtspraak-24666519.html>.

<sup>7</sup> Brief aan minister Opstelten d.d. 27/10/2014.

<sup>8</sup> Vgl. Provinciale Staten / Steatekomitee Frysk [2017], *Ferslach Wurkbesite oan de Dútsktalige Mienskip yn België Eupen, 29 en 30 augustus 2017*.

DINGtiid roept hierbij de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden op om de positie van de Friese taal in de rechtszaal te versterken. Een goede eerste stap zou zijn belangrijke obstakels hieromtrent – zoals een gebrek aan Friese taalvaardigheid bij het rechtbankpersoneel en de afwezigheid van beleid ten opzichte van het gebruik van het Fries – in de nabije toekomst uit de weg te ruimen.

DINGtiid is uiteraard te allen tijde bereid de inhoud van deze brief in een gesprek nader toe te lichten.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster  
Voorzitter DINGtiid

Deze brief wordt ook gericht aan:

- Het bestuur van het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden

Een kopie van deze brief gaat naar:

- College van Gedeputeerde Staten van Fryslân
- Minister van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, drs. R.W. Knops
- Minister van Justitie en Veiligheid, prof. mr. F.B.J. Grapperhaus
- Hoofdofficier van justitie, mr. D.F. Greive
- Het bestuur van Ressortsparket Arnhem-Leeuwarden